

voor de Nederlandse Kerkgeschiedenis na 1800, it twadde sil ferskine yn in nûmer fan de *Leeuwarder Historische Reeks*. It tredde ûnderwerp, dêr't ik allinne mar wat in opset foar makke haw en in earste begjin, is in boek oer de tsjerkeskiednis fan de Stellingwerven. Dat sil in projekt wurde fan jierren. Stellingwerf is in gebiet dat altiten wat op it fuottenein lein hat, sawol yn de Midsieuwen doe't it noch ûnder Drinte foel, as yn de tiid dêrnei doe't it by Fryslân hearde. Yn de histoaryske hânboeken oer Fryslân, Drinte en Oerisel wurdt dan ek net in soad omtinken jûn oan dit gebiet. It is wier dat it in gebiet west hat sûnder stêden, kleasters en wichtige adelike famyljes, mar dat wol net sizze dat de skiednis oan dit lân yn it stream-gebiet fan de Tsjonger en de Linde foarbygien is. Der sitte krekt hiele nijsgjirrige kanten oan de Stellingwerfske skiednis en benammen ek oan de tsjerkeskiednis.

No't it stúdzjeferlof foarby is, giet myn tank út nei de gemeenten Westerwert en Earnewâld, dy't it mooglik makke hawwe dat ik wer in fearnsjier myn tiid besteegje koe oan de wittenskip. En wat ik o sa wurdearre haw, is dat ik yn de ferloftiid folslein mei rêst litten bin.

'De trije kikkerts'

Op in dei foelen der trije kikkerts yn in amer mei molke. 'Dit is in hopeleaze sitewaasje', stelde de earste kikkert fêst. Hy helle de skouders op, joech it oer en fersûpte...

'Wy moatte ús betrouwen stelle op God', sei de twadde kikkert hiel from. 'Hy sil syn kikkerts net yn de steek litte en grif útkomst jaan'. Fredich die er de foarpoaten gear en fersûpte...

De trêde kikkert wist himsels gjin ried, mar hy liet it der net by sitte. Wyld sloech er mei de poaten om him hinne. It like miskien wol dat it gjin inkeld doel hie, mar hy tocht by himsels: 'Ik gean hjirmei troch, salang 't ik kin'.

En wat barde der doe? Al traapjendewei wie de

kikkert dwaande om de molke ta bûter te tsjernjen. En doe't de bûter hurd genôch wie, koe er út de amer wei komme. En fleurich hipte er de frijheid yn.

Lykas de sitewaasje fan de trije kikkerts, sa kin bytiden de sitewaasje yn it libben ek wêze. It kin sa foar it each hopeleas lykje en sûnder útsjoch. Men kin de moedfearren hingje litte en ûndergean. Wat men ek dwaan kin, is mei de earmen oerelkoar sitten gear en sabeare op God fertrouwe. Mar men kin ek, lykas de tredde kikkert, trochgean en trochgean en by eintsjebeslút de sitewaasje oerwinne.

It is in byld dat grif fan tapassing is op it tsjerklik libben. Hoopfol trochgean en mei entûsjasme. Grif komt der dan in dei dat bliken docht dat alle krewearjen net ommenocht west hat, mar wat goeds útwurket.

(frij neffens in artikel yn *Geandewei* 7-08-07)

By ferkeard adres werom nei:
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Earnewâldster Rûnte

Op it stuit dat dizze Earn ferskynt hat de earste lêzing fan drs. J. Greven op 25 septimber fan de Earnewâldster Rûnte al west. Hjirnei binne der noch 5 temajûnen oer **'Feroarings yn it religieuze lânskip, útdaging of bedriging?'**

Op **6 novimber** sil drs. H. Mintjes sprekke oer: 'de útdaging fan de Islam'.

11 desimber: imam A. van Bommel oer: 'Islam, útdaging of bedriging'

8 jannewaris 2008: drs. A. Kamp oer: 'Boeddhisme yn dialoach me it westen'.


29 jannewaris: Prof.dr. R. Ganzevoort oer: 'De evangelysk-charismatyske streaming'.

4 maart: dr. S. Ypma oer: 'better neat as eat'. (Beter niets dan iets; het "ietsisme").

Dy 't noch meidwaan wol, kin kontakt opnimme mei: Tine van Minnen. Till: 06 - 20 60 04 09. E: tine.vanminnen@kpnplanet.nl.

Kopijdatum

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earn* graach ynleverje foar 1 desimber 2007.



de Earn

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 10, nûmer 37, septimber 2007

In rige preken oer it Apostolicum

Al in pear jier rin ik om mei it plan om in rige preken te hâlden oer de saneamde 'Apostolyske Belidenis'. It heucht my noch dat ik al wer wat jierren lyn yn in petear mei in gemeentelid myn twivels útspriek oer de ynhâld fan dit tradisjonele tsjerklike learstik en dat dy doe tsjin my sei: 'Do soest der bêst ris oer preekje kinne. Dan kinst dyn gedachten ris útsprekke en miskien hawwe oaren der ek noch wat oan'. No is it sa dat wy it jierren lyn yn in praatrûnte wolris oer de 'tolve artikels' fan dizze belidenis hân hawwe, mar der oer preekje like my dochs 'in brêge te fier'.

Alhoewol de Apostolyske Belidenis yn de PKN heech op de stâl stiet (sjoch it nije tsjinstboek) en in soad brûkt wurdt yn de liturgy, haw ik oant no ta altiten wegere om dizze wurden yn in tsjinst út te sprekken. It heucht my noch dat in âlde kollega my dat ris o sa kwea naam. Want, sa wie de man fan betinken, ik sette mysels op dizze wize bûten de tradysje fan de hiele kristlike tsjerke. Ommers dit wie de belidenis fan de tsjerke 'fan alle ieuwen en fan alle plakken'. Ik makke him doe dúdlik dat dat lêste wol faak sein wurdt, mar dat it yn wêzen in myte is en perfoarst gjin objektyf feit. Om te begjinnen is it in myte dat de tolve artikels fan de 'Apostolyske belidenis' ôfkomstich wêze soene fan de tolve apostels. Histoarysk besjoen komt de folsleine tekst pas foar yn de 9^e ieu en wol yn de Frankyske tsjerke. Dêrfoar, sûnt de twadde ieu, kaam er foar yn ferskillende, koartere foarmen en waard er brûkt as doopbelidenis. De Gryksk-otterdokse tsjerke (Ruslân en Súdeast Europa) ken him al hielendal net. Ek yn it frijsinnich protestantisme wurdt er net brûkt.

Persoanlik kin ik der ek net safolle mei, omdat der frijwat yn stiet, dat by my mear fragen opropt as dat it dúdlikheid jout. Inkelde passazjes fyn ik sels bizar. Yn ider gefal is dizze belidenis gjin útdrukking fan myn persoanlike leauwen

(oars as it 'Us Heit'). As ik bygelyks yn in tsjinst bin dêr't dizze belidenis útsprutsen of songen wurdt, dan giet dat part fan de liturgy oan my foarby en yn gjin gefal sjong ik mei. Ik bin dan ek fan betinken dat dit learstik, hoe âld en earbidweardich ek, net yn de liturgy thús heart. Wol kin ik it akseptearje as in diskusjestik. Want it is goed om mei de tradysje fan de tsjerke yn petear te wêzen en mei oan de hân dêrfan jins persoanlike posysje te bepalen. Dat is dan ek myn útgongspunt by in rige preken oer it *Apostolicum*. Ik sil besykje om de tekst rjocht te dwaan, myn beswieren dúdlik meitsje en besykje om gedachten oan te dragen dy't net efterhelle binne.



De Fryske tekst fan de Apostolyske Belidenis ofwol it *Apostolicum* fine wy op side 277 fan it âlde *Psalm- en Gesangboek* út 1961. De tekst is sa:

1. Ik leau yn God de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde.
2. En yn Jezus Kristus, Syn ienichstberne Soan, ús Heare;
3. dy 't ûntfongen is fan 'e Hillige Geast, berne út 'e faam Maria;
4. dy 't lit hat ûnder Pontius Pilatus, krusige, stoarn en begroeven is, deltein yn 'e hel; de tredde deis wer opstien fan de deaden;
5. opfearn nei de himel, sittend oan de rjochterhân fan God, de almachtige Heit; dêr't Er wei komme sil om te oardieljen de libbenen en de deaden.
6. Ik leau yn de Hillige Geast.
7. Ik leau de hillige katolike *) Tsjerke, de mienskip fan de hilligen;
8. de ferjouwing fan de sûnden;
9. de weropstanning fan it flesk;
10. en it ivige libben.

*) algemien Kristlike

R. Klooster

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld:

Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

Preekrige

De tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke.

30 septimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herf. tsjerke
7 oktober	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
14 oktober	9.30 oere	Frou M. Gort-Terpstra, Earnewâld	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. tsjerke
21 oktober	9.30 oere	Da. J. Groenveld-Kiestra, Hurdegaryp	Fryske tsjinst, mienskiplike tsjinst yn 'e Herf. tsjerke
28 oktober	9.30 oere	Ds. H. Boswijk, Snits	Hollânske tsjinst, mienskiplik yn 'e Griff. tsjerke
4 novimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
11 novimber	9.30 oere	Frou M. Gort-Terpstra, Earnewâld	M.m.f. koar de Lofstim út Ie
18 novimber	9.30 oere	Ds. G. Postma, Wâlterswâld	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. tsjerke
25 novimber	19.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst; mienskiplike betinkingstsjinst yn 'e Herf. tsjerke, tsjinst mei brea en wyn; lêste snein tsjerklik jier
2 desimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
9 desimber	9.30 oere	Frou M. Gort-Terpstra, Earnewâld	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. tsjerke
16 desimber	9.30 oere	Ds. P. Beintema, Dokkum	Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. tsjerke
23 desimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, mienskiplike tsjinst yn 'e Herf. tsjerke

Praatrûnte 'Nei de preek'

Yn dit winterskoft wol ik in rige preken hâlde nei oanlieding fan de Apostoalyske leaubelidenis. Dat is ien fan de klassike learstikken fan de tsjerke, dêr't neffens my hiel kritysk mei omgien wurde moat. Ik sjoch it dan ek benammen as in diskusjestik dat jin útnoaget om nei te tinken oer wêzentlike fragen fan libben en leauwen. Ik stel foar dat wy foar jannewaris trije kear gearkomme om mei elkoar fan gedachten te wisseljen nei oanlieding fan in preek oer dit ûnderwerp. Fansels wurdt sa'n jûn der riker fan al neffens dat de dielnimmers wat fan harren eigen miening, gedachten, gefoelens en libbensûnderfining ynbringe. De earste jûn sil wêze op tiisdeitejûn 2 oktober o.s. fan acht oere oant healwei tsien. Plak: konsistoarjekeamer by de herfoarme tsjerke.

R. Klooster

Praatjûnen oer de Islam

Ûnder lieding fan drs. Yvonne Hiemstra. Twa lêzingjûnen fan Earnewâldster rûnte (sjoch side 4) geane oer de Islam. Op dizze praatjûnen lykwols, dy't foar elkenien iepensteane, wurdt de mooglikheid bean om mei-elkoar te

praten oer dizze godstsjinst dy't tige besibbe is oan it joadendom en it kristendom. Der sil foaral omtinken jûn wurde oan hoe't moslims har leauwen belibje. En fansels is it de bedoeling dat wy mei-elkoar oan de praat reitsje. Yvonne Hiemstra hat godstsjinstwittenskip studearre yn Grins en hat dosinte foar dit fak west oan Noardlike Hegeskoalle yn Ljouwert. Hja is foarsitster fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân yn Earnewâld. It is de bedoeling dat wy gearkomme op 16 en 22 jannewaris 2008, fan 20.00 oant 21.30 yn de konsistoarjekeamer by de herfoarme tsjerke. Soene de dielnimmers har fan te foaren efkes opjaan wolle: yvhiemstra@hetnet.nl of 0511 - 471611.

Rektifikaasje:

Yn 'e foarige Earn stie in prachtich ferhaal oer 'de Ijurk en de kikkerts'. De oersetter fan dizze sineeske fabel is Douwe Willemsma. Hjirby ús ekskús dat wy dat oer de kop sjoen ha.

Kofjedrinke

Nei de tsjinst fan 4 novimber is der gelegenheid om meielkoar kofje te drinken. Jim binne allegearre tige wolkom.

'Hoe lang moatsto noch?'

'Hoe lang moatsto noch?' Dat is in fraach, dy't ik de lêste jierren faak om my hinne hear. Der kin net in jierdeisfeestje of in oare gelegenheid wêze dêr't minsken fan myn leeftiid elkoar moetsje, of it praat komt grif op dit ûnderwerp. Dat murk ik benammen doe't ik yn july myn 60^e jierdei belibje mocht. Frijwat minsken dy't my lokwinken stelden my tagelyk de fraach, 'en hoelang moasto noch?' Ik liet witte, dat ik noch lang net fan doel wie om dea te gean, mar dat wie uteraard gjin antwurd op de fraach. Want de fraachstellers wolle fan jin witte, wannear foar jin de 'vut'-regeling yngiet, dan wol it emeritaat. As ik dan útlein ha, hoe't dat yn de tsjerke regele is, krij ik grif de opmerking te hearren: 'Dus do moatst oan dyn 65^e ta! Dat is noch fiif jier!' It is suver hast de reaksje fan immen dy't in finzenisboef opsiket, dy't somber en suchtsjend fan efter de traaljes wei meidielt dat er noch fiif jier sitte moat.

De fraach fan minsken dy't jin freegje 'Hoelang moatsto noch?' seit op himsels al hiel wat. Ik tink dan, hoe hasto sels dyn wurk belibbe, datsto my dy fraach op dizze wize stelst. It is krekt as hat it wurk foar dy in soartemint fan finzenskip west, dêrst no nei al dy jierren fan befrijd bist. It falt my ek op dat frijwat minsken it gefoel hawwe dat se it noch noait sa drok hân hawwe as sûnt dat se út it wurk wei binne. Guon haw ik sels wol sizzen heard dat se har net begripe kinne, hoe't se oait de tiid hiene foar it deistige wurk. As ik dan de fraach stel, wat dan wol de aktiviteiten binne dy't se op dit stuit by de ein hawwe, dan witte se dêr faak gjin dúdlik antwurd op te jaan. De dagen skine samar om te fleanen.

'Hoelang moatsto noch?' Op de fraach antwurdzje ik dan, dat ik dat net belibje as in 'moatten'. Uteraard bin ik, sa't it no liket, noch wol in tal jierren ferbûn oan de tsjerke, nei alle gedachten oan de gemeenten Westerwert en Earnewâld. Mar dêrnjonken bring ik myn tiid graach troch mei lêzen, skriuwen, skilderjen en oare nijsgjirrige saken. Alles mei elkoar jout it my noch altiten in soad foldwaning en ik genietsje folop fan it libben. Foar my (gelokkich ek foar myn frou) is it libben noch ien en al útdaging. Wy sitte fol plannen en beide hoopje wy oan it lêste ta aktyf te bliuwen. Fansels wurdt men âlder (gelokkich mar, sis ik dan). Dat betsjut dat jins lichamlike kondysje net mear is lykas tritich jier ferlyn, mar jins belêzenheid en libbensûnderfining is folle en folle grutter as doe't men tritich wie. Dat is de oare kant.

It komt der yn it libben o sa op oan om 'it ark

skerp te hâlden'. Ik bedoel om derby te bliuwen, dwaande te bliuwen en net wei te sakjen efter de tillevyzje en efter de geraniums en dêr te fertutearzjen ta in 'deade siel'. Ik haw minsken moete dy't oant op hege leeftiid (sels oer de 90) warber bleauwen, folop belangstelling hiene foar fanalles en noch wat, dy't liezen en dy't oan it lêste ta skerp en jong fan geast wiene. It is ek net tafallich dat dit soort minsken krekt fanwegens dizze eigenskippen soms oant op hege jierren funksjonearje kin yn hege en ferantwurdlike funksjes. De paus is dêr in typysk foarbyld fan, mar men kin ek tinke oan guon polity.

'Hoelang moatsto noch?' Antwurd: 'Ik hoopje myn libben lang warber te bliuwen!'

R. Klooster

Ferslach stúdzjeferlof 2007

De tsjerkoarder skriuwt foar dat in dûmny hâlden is om fan syn stúdzjeferlof ferslach te dwaan oan de tsjerkeried. Yn de tsjerkeriedsgearkomst haw ik dat dan ek dien, mar ik stel it ek op priis dat te dwaan oan de hiele gemeente, want by eintsjebeslút is it de gemeente dy't jin de gelegenheid biedt om in fearnsjier dwaande te wêzen mei de stúdzje.



Dy't my kenne, dy witte dat ik my yn it algemien graach dwaande hâld mei lêzen, studearjen en skriuwen. Gelokkich is de PKN ek fan betinken dat it wichtich is dat dûmny's njonken it fakentiids drokke gemeentewurk

dwaande bliuwe mei de wittenskip. Der is dan ek in âlde siswize: *Een predikant die niet studeert, is niet bekeerd.*

Minsken lykas ik, komme fan sa'n stúdzjeferlof gewoan by. Studearjen is soks as 'geastlik bytanken', jins geast ferromje. De iene hâldt him dwaande mei de âlde talen en mei bibelút-lis, in oar mei besinning op praktyske saken as: pastorale psychology, preekkunde, kategeze of liturgy. Myn belangstelling leit benammen op tsjerkehystoarysk gebiet. Yn it ferlingde fan myn proefskrift haw ik twa artikels skreaun: ien oer de âlde evangelyske rjochting yn Nederlân yn de perioade 1867-1946 en ien oer de evangelyske rjochting yn de perioade 1848-1961 yn de stêd Ljouwert. Oer beide ûnderwerpen hie ik earder al frijwat ûndersyk dien en in soad gegevens sammele, mar no haw ik dy dan ferarbeide yn dizze beide publikaasjes. It earste artikel haw ik oanbean oan it *Documentatieblad*